

# KRANTENMAN HEPKEMA

Bertus Mulder

De kranteman Jacob Tjebbes Hepkema stoar hûndert jier lyn, op 13 july 1919. Hepkema wie fan hûs út ûnderwizer. Mei syn eigen krante, it Nieuw Advertentieblad (1874), yn 1901 omdoopt ta Nieuwsblad van Friesland, oftewol 'Hepkema's Courant' – gewoanlik koartwei 'De Hepkema' neamd – waard er de grutste konkurrint fan de Ljouwerter Krante.

Hepkema wie in rizige man, 'alhoewol net oer de mjitte, de skrale kant neist, sûnder skraitsich te wêzen; ûnder 'e breedrâne sloppe hoed wei in pear eagen dy't oeral hinne gyngen en grif fan alles hjarres namen; yn 'e swiere list fan krollich-ticht en griis burd in sûnkleurich gesicht, wakkere beweechlik. Immen dy't men 't foart wol oanseach, dat er him maklik nei alle selskip to skikken en goed mei de minsken te rêden wist'. Sa omskriuwt Jan Jelles Hof syn byld fan Hepkema.

Fanút It Hearrenfean bedreau Hepkema in sjoernalistyk dy't rjochte wie op de gewoane man. Dat die fertuten; alle jierren gong de oplage omheech. Pier Abe Santema hat syn wize fan wurkjen benammen taljochte oan 'e hân fan de Hogerhuis-saak (1897); Hepkema gong op de minsken ôf, garre selsstannich ynformaasje en liet it skriuwen oer de saak net ôfhingje fan wat it officium kwyt woe. By de behanneling fan dy saak yn de Twadde Keamer tilde er it optreden fan Piter Jelles Troelstra derút.

It wie net de earste kear dat in rjochtsaak opwining teweechbrocht. Yn Wording, it earste diel fan syn Tinkskriften, giet Piter Jelles wiidweidich yn op de saak-Agema (1881), de koetsier fan Johannes Bieruma Oosting fan it Oranjewâld, dy't troch syn baas beskuldige waard fan jildôfperserij ûnder bedriging fan in revolver. By de rjochtbank wie Rients Agema feroardiele ta seis moanne; yn heger berop by it Hof yn Ljouwert

waard Agema frijsprutsen. De jonge Piter Jelles makke it proses fan tichteby mei. Sa advokaat te wêzen, te striden foar it rjocht, dat woed er ek. Agema waard frijsprutsen. Piter Jelles sels wiist op de betsjutting fan de ferslachjouwing yn it Friesch Volksblad, de krante fan dy oare skoalmaster, Oebele Stellingwerf. Mar ek De Hepkema spile net swak by. It wie op 't lêst yn Skoatterlân dat de affêre spile.

## It skriuwen fan Troelstra

Piter Jelles Troelstra wie yn de simmer fan 1919 te silen op de Langwarder Wielen doe't er fernaam fan it ferstjerren fan Hepkema. Op 22 july 1919 stjoerde er fanút Drachten de widdo Hepkema in tige ynnimmende brief. Om in tal redenen is dat in nijsgjirrich skriuwen. Om te begjinnen: hy ferwiist dêryn nei syn fers oer 'jimme Tseard'. Dat is Tsjearde Hoekstra, de jonge medysk studint fan Jirnsum dy't op 5 augustus 1884 yn Grins syn nekke bruts doe't er it wetter yndûkte. Piter Jelles betocht him yn it fers 'De lêste Klokslach'. Tsjearde Hoekstra wie de ferloofde fan Piter Jelles syn suster Haukje; Jacob Hepkema wie trouw mei Rigtje Hoekstra, in suster fan Tsjearde. As it kommen wie ta in trouwen fan Tsjearde Hoekstra en Haukje Troelstra, hiene Piter Jelles en Jacob Hepkema sweagers west. Hoe dan ek, Jacob Hepkema hie aardichheid oan de oankommende Fryske dichter Piter Jelles Troelstra.



Jacob Tjebbes Hepkema (1845 – 1935), foto: Cornelis Halbertsma

Yn syn brief wiist Troelstra op de freonskip yn syn jongfeintejierrren mei de fyftjin jier âldere Hepkema. Hy komt op de 'stoat dy't er jûn hat oan myn Frysk dichtsjen en skriuwen' en wurdearret 'it echt Fryske, dat ik altyd by him fûn ha'. En dat kin konkreet ynfolle wurde. Hepkema wie yn 1881 de útjouwer fan syn earste Fryske dichtbondel, Fryske Brulloftswille, in bondeltsje fan 36 siden. Yn 1883 kaam it ta in útwreide, twadde printinge. Mar hy wie mear as in sljuchtwei útjouwer; Hepkema die – hiel modern – oan boekpromoasje. Yn syn blêd naam er advertinsjes op mei in oantsjutting fan de ynhâld fan de bondel. Alle acht foardrachten waarden neamd: Oan de jonge Ljue, Gearsitsang, Klaske Bolrinster, Klaes Timmerman, Oan de

Fammen, It boask op 'e stoepe, Ik mei dy wol lye en Froulju kinne tsoene. De earste advertinsje yn it Nieuw Advertentieblad ferskynde op woansdei 25 maaie 1881; de twadde op 29 juny, mei it fermelden fan de tafeite: Alde Foekje fan Heech. Dy advertinsjes ferskynden yn de simmer fan 1881 op 9, 20 en 28 july en op 6, 18, 20 en 24 augustus. By gelegenheid naam Hepkema in folslein fers fan Piter Jelles op, lykas Nei de Stoarm, op 2 july 1881. In foarname saak yn it jier dat Piter Jelles him mei syn simmerjûnenocht presintearret as foardrager en manifestearret as Foekje fan Heech. Dat smiet ek in nije bondel op fan diskear santich siden, De wiersizzerij fan âlde Foekje fan Heech oan de Fryske fammen (1881), ek útjûn by Hepkema.

De gearwurking tusken Hepkema en Piter Jelles krige in ferfolch mei de útjefte fan It jonge Fryslân. Dat gong net samar. It jonge Fryslân. Sangen en rimen soe it hjitte, en de bedoeling wie dat it yn 1881 útbrocht waard. De drukproeven wiene klear, mei 237 siden in mânsk boek. It foarwurd is fan maaie 1881. Der wie lykwols in probleem: it katern mei 'sangen', fan side 99 oant 128, wie de lytse kant it neist; it omslach wie 13 by 20 sintimeter. Dêrtroch wie de muzyk min te lêzen. Dat hiele stik sil ferfalle yn de printinge dy't yn 1882 útkomt. Dy edysje wurdt omskreaun as 'sangen en rimen fen jonge Fryske Skriuwers, byenoar brocht troch P.J. Troelstra en O.H. Sytstra, útjown by J. Hepkema op 't Hearrenfean'. Yn linnen bân mei ferguldsel koste it f 1,50, yn in kreas omslach f 1,-. It wie in bondel fan 253 siden. Ek no wurke de útjouwer mei advertinsjes yn it Nieuw Advertentieblad: dy komme foar op 1, 4, 8 en 22 novimber en 20 desimber 1882. Op 11 novimber 1882 is in priuwke út It jonge Fryslân opnommen, it fers Sneontejûn: Klokken hear ik klinken, yn de stille jûn. It foarjier komt. Oan myn freon J. Hepkema is it fers dat Piter Jelles op 14 maart 1882 skriuwt as er fan Lutzen Wagenaar heard hat dat de útjouwer minnichjes is. In fers om 'as 't koe, yn jou hert de snaar fan de hope [...] oan it triljen te bringen. Neam it for leaf', heakket er deroan ta. Ek dat fers ferskynt yn it Nieuw Advertentieblad.

### **Frysk Lieteboek**

Wat net útkomt, is in nije bondel fan Piter Jelles mei de titel Hertebloemen. It giet om 14 fersen. It binne de boartlike fersen tusken syn Brulloftswille en de syklus fan fyftjin fersen oer Fokje Pasma. It giet oer: 't Jonge libben moat ris rûze, Moai binne de Mieden, Do hieste gâns te fertellen, Net bite, Gelove (Yn de Samle Fersen: Leauwe), Foarjier, By 't Keatsen, Trou, Taal, Jûn, Net mear Sjonge?, Noch djoerder, Rein en Sneontejûn. It belang dêrfan is dat Piter Jelles dêr sels komt ta in oardering. Earst doe't ik útsocht hokker fersen dat wiene en watfoar plak se yn de Samle Fersen hiene, waard my ek dúdlik wêrom't de bondel net

Zaterdag 14 December 1912. No. 100. HEPEKEMA'S COURANT (89e Jaarjaag). Omlage 18000 Exemplaren.

# NIEUWSBLAD VAN FRIESLAND

Versijnt Woensdags en Zaterdags. HEERENVEEN - LEEUWARDEN. Leesaald 13 p. jaar. Advertentie 5 c. p. r.

## EERSTE BLAD.

De konink - metter Extra Blad - heest út 2-3 bladzijden. Prenterij hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## Tuberculosismuseum.

HOTEL GORGEN - HEERENVEEN. Vrijdag 8 van, LEEUWDE. D. PEZERA. Hooring 7-9 uur. Zaterdag 7-9 uur. Zondag 8-10 uur. Dienstdag 8-10 uur.

## DIENSTBODE.

JOH. BINNETS, KNIJPE. Hoog DIRECT van DEKWAAM. Grootwerker. HANDELT en veert werk naar verkiezing. Heng koopt.

## KAMERTJE.

Arbidershuus. met rijk en hande LANT. Hooring in de 1ste en 2de verdieping. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## TE HUUR - 1 MEER.

Enn net en zoo goed als nieuw bergwerkt. In hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## KRUIDENERSZAAK in Don Haag.

met veldafgebreide. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## Driejarige Handelschool.

HEERENVEEN. Hooring in de 1ste en 2de verdieping. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## DRAMAISCH WAPEN.

VALKENBURG. LEEUWARDEN. Hooring in de 1ste en 2de verdieping. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## NIEUW 11.

LADDER. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## AMOR OPERA.

HEERENVEEN. Hooring in de 1ste en 2de verdieping. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## MEER. Dramatis.

HEERENVEEN. Hooring in de 1ste en 2de verdieping. De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## GEEN stem op hem uit te brengen.

Oldeberkoop, 12 Dec. 12. A. BEZEMA.

## De VERZENDINGEN KIEVERINGEN te Heerenveen.

De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

## A. A. VONDELING.

In Appelscha, 22. J. M. HOUWEN. In Dronk. HET BESTUUR.

### De Balkan-oorlog.

Waarom worden de veldtochten gemaakt? Dat moet eerst en voornaamst worden beantwoord door de oorlogvoerende partijen. De oorlogvoerende partijen zijn de veldtochten gemaakt. De oorlogvoerende partijen zijn de veldtochten gemaakt.



### Berichten uit Stad en Dorp.

ROBBERIJEN. In de 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

### Korte Mededeelingen.

De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

### De Balkan-oorlog (vervolgd).

De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

### De Balkan-oorlog (vervolgd).

De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.



### De Balkan-oorlog (vervolgd).

De 1ste en 2de verdieping hieftend 1 cent, naar het besteldest 4 cent.

Frysk Lieteboek net útjûn hat? Want yn jannewaris 1883 hat it der noch alles fan dat it Hepkema wurde sil dy't dat wurk op syn noed nimme sil. Nei't Piter Jelles op 9 jannewaris 1883 op 'e Jouwer syn rede De Hege Brêge holden hat om Fokje Pasma wer nei him ta te heljen, stekt er oan by Hepkema. 'By Hepkema del, him bysprutsen de muzyk by Koksma printsje te litten', lit er Onno Sytstra witte. Koksma is de ynternasjonale muzykprinter út Frjentsjer. Mar it wurdt gjin Hepkema. Yn oktober 1883 skriuwt Piter Jelles yn syn sirkulêre oer in Nij Frysk Lieteboek dat útjûn wurde sil troch útjouwer A.L. Land fan It Hearrenfean. Wie it troch Piter Jelles syn skulden dat Hepkema it Nij Frysk Lieteboek net útjoecht? Lykwols lit er Piter Jelles net los. Hy reagearret op de publike striid tusken Piter Jelles en Lutzen Wagenaar mei in eigen brosjuere, 'Hâldt op, jonges!'. Piter Jelles hie mei Fy, Lûtsen (1885) syn eardere stalke Lutzen oanpakt. Piter Jelles makke bekend dat de lu-Tsen dy't yn It jonge Fryslân sokke fleurige en ûndogenske Fryske ferske oer fammen skreaun hie, winliken de dolearende dominy Dr. L.H. Wagenaar fan Heech wie. Mar noch minder stie it Hepkema oan hoe't Wagenaar de liberale meubelmaker Heldt, kandidaat foar de Twadde Keamer yn it kiesdistrikt Snits, oanpakte. As Gabe fen Grouwerga komt er fanwegen: Pieter, jonge - pas op en stek dyn swietlûdige dichterskip net wer yn 'e galle en Lûtsen noegje jo - as Piter komt - Heldt en [Waling] Dykstra der ek by - kin't, dan wol Gabe fansels ek graach meikomme en wy sille, nei't we efkes meienoar praat hawwe, fûstkje en sjonge wat jo wyfke op 'e piano spilet. Dat kin in froalike jûn wurde'.

ferskynd is. It hie dûbelop west - de fersen waarden opnommen yn It jonge Fryslân. As studint wie Piter Jelles rij mei jild. Hy jout it te maklik út, en moat liene om syn skulden ôf te beteljen. Syn heit wol er net freegje, skriuwt er oan Hepkema yn in brief fan 1 augustus 1883. Hepkema moat

noch f 30,- fan him ha. Hy hie tocht dat mei letterkundich wurk ôf te beteljen. Hy hat lykwols no in 'grutte f 100,-' nedich en freget Hepkema om him foar in jier f 120,- te lienen tsjin 5% rinte. Hy hopet dat yn de grutte fakânsje fan 1884 werom te beteljen. Sit dêr de oast, dat Hepkema it Nij

Bertus Mulder (1949) is âld provinsjaal bestjoerder en âld dosint sociale skiednis en geestlike en maatskiplike streamingen. Fan him ferskynde ferline jier 'De jonge Piter Jelles' by útjouwerij Bornmeer (2017).